



Sjochtip:

FryslânDOK Stoarmfloed 1825 – in ferjitten ramp

Te sjen op 1 en 2 febrewaris

De wettersneedramp fan 1953 yn Seelân sit goed yn ús ûnthâld, mar de stoarmfloed fan 1825 yn Fryslân binne we ferjitten. West- en Midden-Fryslân waarden swier troffen troch in springfloed en in fûle stoarm. De gefolgen fan de ramp wiene enoarm, mar it barren is lykwols út it kollektive Frysk bewustwêzen ferdwûn.

Yn de FryslânDOK 'Stoarmfloed 1825' fan Thom Verheul nimt Albert Jensma de sjogger mei troch de fergetten skiednis. Yn gearwurking mei ferskate skiedkundigen wiist Jensma ús op floodmerken en oare spoaren fan dizze natuerramp.

De fergetten ramp dy't Fryslân teistere

De stoarmfloed fan 1825 wie ien fan de grutste natuerrampen fan de 19e iuw. Santjin Friezen ferdronken en twa tredde fan Fryslân kaam ûnder wetter te stean. Ynwenners fan Hylpen brutsen huzen ôf om dyktrochbraken foar te kommen. Yn Harns streamde it wetter oer de slûzen hinne en sa de omlizzende doarpen en pleatsen yn.

Nei't de stoarm lizzen gong, hiene de Friezen noch jierrenlang lêst fan de gefolgen. It fjild wie ûnbrûkber, minsken waarden siik troch 'moeraskoarts' en de skea oan huzen en stêden wie gigantysk. Yn 1826, in jier nei de ramp, ferstoar nochris in achtste part fan de Fryske befolking.

Oangripende ferhalen

Mei meislepende fideoprojektsjes en fynsten út Fryske argiven skynt Thom Verheul ljocht op dizze fergetten ramp. Yn de âlde spoaren, sa as in preek út febrewaris 1825 dy't op 'en nij ûntdutsen is, wurdt de skiednis wer werom fûn. Dizze preek wurdt yn 'Stoarmfloed 1825' foardroegen troch in âld dominy fan de tsjerke yn Sanfûrd, in plak dat de fuotten mar amper drûch hâlde koe.

It lûd fan tsjerkeklokken spilet in wichtige rol yn de dokumintêre, omdat klokken de minsken warskôgen foar it wetter. Op de jûn fan 2 febrewaris 2025, 200 jier nei de ramp, wurdt de stoarmfloed betocht troch it lieden fan tsjerkeklokken yn Súdwest- en Midden-Fryslân.

De FryslânDOK Stoarmfloed 1825 wurdt útstjoerd op 1 en 2 febrewaris:

Sneon 1 febrewaris: 15:30 oere op NPO2

Snein 2 febrewaris: 13:20 oere op NPO2 en fan 17:00 oere ôf eltse oere op Omrop Fryslân

FryslânDOK wurdt Nederlânsk ûndertitele



De watersnoodramp van 1953 in Zeeland zit ons nog goed in het geheugen, maar de stormvloed van 1825 in Friesland zijn we vergeten. West- en Midden-Friesland werden zwaar getroffen door een springvloed en een stevige storm. De gevolgen van de ramp waren enorm, maar de gebeurtenis is uit het collectieve Friese bewustzijn verdwenen.

In de FryslânDOK 'Stormvloed 1825' van Thom Verheul neemt Albert Jensma de kijker mee door de vergeten geschiedenis. In samenwerking met verschillende historici wijst Jensma ons op vloedmerken en andere sporen van deze natuurramp.

De vergeten ramp die Friesland teisterde

De stormvloed van 1825 was een van de grootste natuurrampen van de 19e eeuw. Zeventien Friezen verdronken en twee derde van Friesland kwam onder water te staan. Inwoners van Hindelopen braken huizen af om dijkdoorbraken te voorkomen. In Harlingen stroomde het water over de sluizen de stad binnen en zo de omliggende dorpen en boerderijen in.

Nadat de storm was gaan liggen, hadden de Friezen nog jarenlang last van de gevolgen. Akkers bleken onbruikbaar geworden door de zilte bodem, mensen werden ziek door 'moeraskoorts' en de schade aan huizen en steden was gigantisch. In 1826, een jaar na de ramp, stierf nog eens een achtste deel van de Friese bevolking.

Aangrijpende verhalen

Met meeslepende muziek, videoprojecties en vondsten uit Friese archieven schijnt Thom Verheul licht op deze vergeten ramp. In de oude sporen, zoals een herontdekte preek uit februari 1825, wordt deze geschiedenis weer teruggevonden. Deze preek wordt in 'Stormvloed 1825' voorgedragen door een oud dominee van de kerk in Sandfirden, een dorp die de voeten nauwelijks droog kon houden.

Het geluid van kerkklokken speelt een belangrijke rol in de documentaire, omdat de klokken de mensen waarschuwde voor het water. Op de avond van 2 februari 2025, 200 jaar na de stormvloed, wordt de ramp herdacht door het opnieuw luiden van de kerkklokken in Zuidwest- en Midden-Friesland.

De FryslânDOK Stormvloed 1825 wordt uitgezonden op 1 en 2 februari:

Zaterdag 1 februari: 15:30 uur op NPO2

Zondag 2 februari: 13:20 uur op NPO2 en vanaf 17:00 uur elk uur op Omrop Fryslân

FryslânDOK wordt in het Nederlands ondertiteld.



Omrop Fryslân



Kom fierder